It bern en ik… in bibelsk betinken

Ynlieding

De oanlieding om in stik te skriuwen mei de titel: it bern en ik. en dat yn in it ramt fan in bibelsk betinken, wie myn weromkommen yn Fryslân. Ik ha doe in kar makke om yn 2017 dielnimmer te wurden oan de kursus “Leauwe yn Fryslân” yn Nijkleaster te Jorwert. Trije jierren ha ik dy kursus mei in protte nocht folge. In útdaging wie it elts jier om ekris wat te skriuwen oer in tema yn ferbân mei dy kursus. Sels hie ik al ris in lyts stikje sketst (yn it hollânsk) ûnder de fryske titel (liend fan in gedicht fan Aggie van der Meer): “It bern dat oer it wetter blaast”.
Yn it no skreaune stik, “It bern en ik...” bin ik weromgongen nei myn eigen ûntwikkeling. En dat foaral ek yn teologyske sin. Dêrom steane neist “It bern en ik…” de wurden “in bibelsk betinken”.
Om it yn twa rigels te sizzen: Ik fertel wat oer myn langstme, myn leauwen, sa as dat foarme is. It begryp bern en tagelyk, as bern yn dat begryp, learling wêze, wurde en bliuwe, is dêryn de grutte trie.
Dit artikel diel ik yn fjouwer stikken. De titels dêrfan binne:

1. “It bern en ik”. Dat stikje lit in pear biografyske oantekens sjen.
2. “De bibel en it bern”. Dat diel hat in kar fan teksten út de skriften/de bibel. It is wat ik eksegetysk/hermeneutysk dêryn sjoen ha oer it bern.
3. “Dichters en it bern”. Dat lit sjen wat ik by in pear Fryske dichters oer it bern sjoen ha. Ik jou inkeld hiel koart in pear oanwizingen.
4. “Konklúzje”. Dat is de titel fan it lêste stikje.

It bern en ik

Sûnt ik in fiif jier ferlyn werom kaam te wenjen yn Fryslân, bin ik dwaande my noch djipper te ferstean mei myn Fryske komôf: dêr berne en 20 jier Fryslân meimakke en it Frysk wie de memmetaal.
It begrip “bern” ropt by my in protte op, net allinnich oan eigen bernetiid, mar ek omreden dat ik earst yn de holle hie om ûnderwizer te wurden op in basisskoalle yn Fryslân.
De kweekskoalle (lykas dy doe hjitte) yn Snits joech in triuw nei ynsjoch om bern yn har ferskate jierren te sjen as eigen “subjekten”’/ “ûntdekkers”, op harren neiste hiem en pas dêrnei de twadde stap te meitsjen nei de gruttere wrâld.
Foar my is dat in grûn-perspektyf, dat altiten bleaun is. Teologysk sein: altiten wer begjinne by it bisûndere.
Dat perspektyf komt by mimerjen oer myn eigen bernetiid ek werom.

Ik sjoch oars as doe‘t ik in bern fan in fiif -- tsien jier wie.
De nôtfjilden (graanvelden), de griene greiden, it rûzjen fan de wyn yn de beammen, de seedyk yn de fierte tichtby it doarp Penjum, kinne sa ynienen by my binnen komme as ik bygelyks sjoch nei skilderijen fan Vincent van Gogh.

De ûnderfining is dat ik my dan lytser meitsje moat om echt te sjen wat dy skilder al skilderjend útdrukke woe fan de wyn en it nôt en de beammen en de loften.

Yn myn dûmnysgong (36 jier gemeente-dûmny) rûn al gau ien fan de gedichten fan Martinus Nijhoff mei my mei: “Het kind en ik”.

“Ik zou een dag uit vissen,
ik voelde mij moedeloos.
Ik maakte tussen de lissen
met de hand een wak in het kroos.”

“Er steeg licht op van beneden
uit de zwarte spiegelgrond.
Ik zag een tuin onbetreden
en een kind dat daar stond.”

“Het stond aan zijn schrijftafel
te schrijven op een lei
Het woord onder de griffel
herkende ik, was van mij.”

“Maar toen heeft het geschreven,
zonder haast en zonder schroom,
al wat ik in mijn leven
nog nooit te schrijven droom.”

“En telkens als ik even
knikte dat ik het wist,
liet hij het water beven
en werd het uitgewist.”

Dy dichter ûntduts as yn in dream, dy‘t opkomt út it ûnderbewuste, in belofte. Sa is it yn dat gedicht: It skriuwende bern, dat de wurden, dy de dichter noch fine moat, gearswilet. Mar dan: se binne der, de wurden… watsto beneame wolst en tagelyk binne se ek (wer) fergetten, útwiske. Dy ûnderfiningen ienris as bern en no…? Ek ik ha in soad Fryske beneamingen heard en brûkt, mar no…?

Ik moat werom? My lytser meitsje? Sa as dy jonge yn dat gedicht fan Martinus Nijhoff: hy, oan de ein, yn in túntsje ûnder wetter, mei syn taal.

Wêrom skriuw ik dit?
Om wat te fertellen oer myn langstme, myn leauwen, sa as dat foarme is.
It begryp bern en tagelyk, as kearn yn dat begryp, learling wêze, wurde en bliuwe, is dêryn de grutte trie. De God fan de bibelske skriften fanôf de bernetiiid kaam hiel faak yn taal te praat. Benammen yn it Hollânsk (bernebibels, sneinskoalle, skoalle, tsjerke). Mar oft it altiten dy God wie, dy’t yn de skriften dat skaaimerk hat, lykas ik geandewei, foaral yn myn studintetiid , my tige bewust waard, dat Hy him ferlytset en sa him waarnimme lit en aloan mar wer yn ús sykjen kenber makket? Dat

bliuwt net allinnich by weromsjen in grutte fraach, mar dy fraach, sa ha ik leard, is wêzenlik by leauwen.
De God dy't him ferlytset. God fan minsken, fan Abraham, fan Mozes, fan Hanna, fan Maria. Dat betsjut ek, dat Hy broas is, skeind, ûntkend en ek weiflokt wurde kin.

It berop fan dûmny brocht mei, dat it muoisume fan it minskelibben faak lâns kaam.
De keunst wie dan om troch alles hinne mei minsken mei te sykjen nei dochs ferbylding fan de him lyts-meitsjende God. Dat brocht mei om trou en mei in protte geduld neist minsken stean te bliuwen. En dat, om wat op te roppen en oan te wizen, slagge wis net altiten!

Yn de bibel stiet dat ferhaal fan in bern. En it is grut wurden, en learde en is krusige.
Dizze is it libbene wurd. Dat ha ik yn de tsjerke leard: It ferhaal fan peaske en pinkster. "En de tsjerke hat ek sjoen: hy is it byld fan de ûnsichtbere God, de earsteling fan de hiele skepping (Paulus)".
As libben wurd troch en yn minsken is dan ek my dat ferhaal "bytiden" temjitte kommen en sa is dat noch. Foar in goed begryp: tsjerke stiet foar my foar minsken, in mienskip fan minsken. Dêr hearre ek de ferhalen by fan bygelyks beppes en pakes en noch in hiel protte. By my foaral fan ien fan de beppes.

In hiele grutte iepening ta mear begryp kaam daliks as studint yn Kampen. Fuort nei de kweekskoalle. Ik wie 20. Wy liezen direkt yn it earste jier yn in studinte-stúdzjegroep brieven fan Dietrich Bonhoeffer (yn it Dútsk hjit dat boek: Widerstand und Ergebung). Sa skerp, sa treffend, hiel oars as wat ik koe en oant no ta begrepen hie. De grutte fraach foar my wie, doe en faak no noch: Hoe komt de God fan de skriften te praat by Bonhoeffer yn syn kontekst fan "nacht". In treffende útspraak wie foar my sûnt dat momint: "…elke plek waar Christus komt, wordt tot het midden van de wereld: al zou het ook Galilea zijn of Golgotha". En dêrby: "Zo zal ook de kerk er nooit de neus voor mogen ophalen om in Galilea of op Golgotha te zijn. Ook en juist in onaanzienlijke of dodelijke posities kan en zal God door haar heen, midden in de wereld zijn, en handelen". En ek dizze útspraak fan Bonhoeffer is my bybleaun en rekket my noch altiten: "Alleen de God die lijdt, kan helpen".

In oar momint fan in grutte iepening ta mear en mear en ek in oars begripen dat al lang yn my geande wie, wie myn earste kontakt mei de DDR yn 1983 (gemeentekontakten hjitte dat. Fan tsjerklike gemeente ta tsjerklike gemeente, hjir en dêr).
Dat wie yn de kontekst fan East en West, de kâlde oarloch. De soarch oer de kearnbewapening hjir en dêr spile yn dy tiid tige mei. Dy soargen woenen wy en sy diele. Ek de situaasje fan de opbou en tarissing fan de gemeenten hjir en dêr hie grutte oandacht. Troch de "Kommunistyske Jugend-Weihe" dêr spile ek de frijheid fan it bern-wêzen en de frijheid fan jongerein om te studearjen en te gean wêr't men woe sterk mei yn dat kontakt. Dy "Jugend-Weihe" waard hâlden op de moarn fan eltse snein.

Ik wie doe ûnder oaren yn Guthrow, yn Mecklenburg.
In byld fan 1927 al, dêr yn de tsjerke, rekke my djip. "Der Engel von Güstrow", makke troch Ernst Barlach (yn Keulen yn de Domkirche hinget in kopy).

Wat sjoch ik? In gesicht fol leed, pine, skamte, mei skrik oer wat minsken elkoar oandien ha en faak wer oandogge. Mei sluten eagen sjocht dy ingel yn djipten, mar falt dochs net del. Dy ingel bliuwt yn “der Schwebe” Op in útlis stiet: “Hier in der Kirche zwischen Erde und Himmel ist er aufgehoben, was er zu tragen hat.”

As in moanjende Ingel seit er: nea wer oarloch, geweld, mar fersoenende leafde…, sa betocht ik dat doe by dit byld. De “nazi’s” fan doe, seagen dat oars. It byld moast fourt. “Entartete Kunst” wie it. It wie dat, om’t it broasheid en swakkens ferbylde. Mar asto op sa’n wize dochs sterk bist? Soksawat tocht ik der doe al wol by!

In oar byld fan Ernst Barlach dat ik doe seach en dat my ek rekke en altiten earne mei my meirint, is: De “onderwijzende Christus” fan 1931. Kristus sit as ûnderwizer, sa lies ik letter yn in moaie útlis fan Evert Jonker (em. heechleraar, praktyske teology) yn in “orantenhouding, ontvankelijk, speurend naar Gods mogelijkheden in een gebroken wereld. En deze Christus heeft macht en bekleedt een eeuwige leerstoel en belooft met ons te zijn… blijkens het slot van het Matteüsevangelie”.

My dingen te binnen bringe yn it ferbân fan dit skriuwen. Sa kaam it boek “Kindheitsmuster” (patronen van een jeugd) fan de DDR-skriuwster Christa Wolf wer foarby, in boek dat rekket. Dat boek giet oer har bernetiid: Wêrom gong se nei har bernetiid, en dus nei dat lân dat fan Polen is, mar doe fan it Dútske Ryk? Christa Wolf is dêr berne yn 1929. Der steane yn dat boek rigels as dizze: “Het stenen aftrapje… lager dan verwacht. Maar wie weet niet dat plaatsen uit de kindertijd de gewoonte hebben te krimpen? En het late middaglicht dat van rechts de straat binnen valt… maar de straatnamen nu… ze hebben andere namen.” En sa is it bern fan doe der net mear. It bern dat dêr opgroeide, it bern fan har âlden, dat boarte en nei skoalle gong en hearde wat har âlden seinen en net seinen. Nei dat bern siket se. Oft se it fynt? Einbeslút: der is gjin ûnskuldich oantinken út har ferline te krijen. Sels de moaie mominten as bern meitsje by weromsjen diel út fan alles wat bard/foarfallen is. De grutte fraach yn dat boek waard dan ek: hoe hat dat alles dochs barre kinnen? Wat is it doel fan dit weromgean? In fersteurde ûnwennigens? En is dit weromgean en it beskriuwen dêrfan in wei om te hieljen?

Net dêrmei te fergelykjen is myn weromkommen yn Fryslân! Hiel oars. Ik kaam faak werom. Nei âlden en famylje en freonen. Mar dochs mei ôfstân. Bûten Fryslân wie it praten en ek it tinken hast altiten yn it Hollânsk. Mar it fielen fan Fryslân fan de bernetiid en de tiid dêrnei oant myn 20ste jier is bleaun.

No’t ik weromsjoch, is de fraach: wat wie it bern? Wie it frij? Of wiene dêr aardich wat grinzen? Koest bern wêze? It wie yn de jierren fyftich en sechstich fan de 20ste iuw. Fragen genôch. Ik gean dêr hjir net hiel krekt antwurd op jaan. Ik kin dat ek net krekt. Allinnich dizze feiten: myn heit wie haadmaster en wat de grifformearde tsjerke doe dêr oanbelanget: hy wie der altiten mei dwaande.

Sa wie it yn myn ûnderfining. Trije jier wie hy myn “meester”. En mem wie hiel soarchsum yn it gesin mei noch fjouwer bern.
En allinnich noch dit skriuw ik dêrby: asto talinten hiest, dan moast dêr wat mei dwaan. Sa as oargelspyljen yn it gesin. En dêr haw ik noch altiten wille fan, dat ik dat leard ha!
En it wie: meihelpe yn de famylje. Der wie in leanbedriuw. Gefoelens dy’t ik dêr opdie? No, yn dy agraryske romte wie it wurdgebrûk gewoanwei knap rau, mar wol mei in sterke bân en tawijing ûnder minsken. Ja, sa yn it weromsjen: yn Fryslân al dat wurkjen op de fjilden en greiden en dat mei de kij en de skiep en de hynders… . Ik ha sels ienris it melken leard en ek it wurkjen mei lânbou-masines.

De bibel en it bern

Wat ik eksegetysk/hermeneutysk yn teksten út de skriften/de bibel sjoen ha oer it bern/it lytse, folget no. It is in kar.

Mar earst dit:
Twa meditaasjes fan Oepke Noordmans binne foar my liedend wurden by it sjen nei grut en lyts. Exodus 2 fers 11 en 12: “It wie yn de tiid, doe’t Mozes al folwoeksen wie… .” En dan giet it oer it bloed dat krûpt, wêr‘t it net gean kin. Hij slacht in Egyptenaar dea.
Noordmans skriuwt dêrby: “Farao’s dochter had zich vergist. Het zog, dat hij van zijn moeder had ingezogen, was sterker geweest dan alles wat zij in zijn hoofd had doen invaren. De voeding had het gewonnen van de opvoeding. In plaats van een Egypternaar werd Mozes een Hebreeër, toen hij groot was geworden.”
Treffend is dan ek dizze rigel: “Ja, geboren worden, dat moet het blijven, met al de macht en de geheimenis van het risico, die daarin liggen opgesloten. God wil ook, dat zijn kinderen uit Hem geboren zullen worden.”
De twadde meditaasje is dizze, dy‘t dêr fuort op folget. Oer Exodus 4 fers 12: “Ik sels sil dy wol helpe by it praten en dy leare watsto sizze moast.”
In dizze meditaasje komt ta utering: It sprekken fan it bloed bliuwt, giet net oan ‘e kant, mar wurdt brocht nei bestimming. Exodus 3 stiet der tusken. Mozes hie God moete. Noordmans skriuwt dan: “Nu werd hij niet groot, maar klein. Nu is het uit met zijn eigendunk en eigengereidheid.”
En noch in rigel: “Geboren worden en de moedertaal leren gaat op een heel andere wijze toe dan wederom geboren worden en de pinkstertaal leren spreken.” En: “Waar blijft het bloed, als de Geest regeert? Nochtans is het er.”

En dan Matteüs 18 fers 1-3. It giet dêr oer de fraach fan Jezus’ learlingen: Wa is no de grutste yn it himelske ryk?
Dy fraach krijt dit antwurd: “Doe rôp er in lytse beuker by Him, sette dy midden tusken harren yn en sei: Ik sis jim, as jimme jim net feroarje en net as sokke bern wurde, sille jimme it himelske ryk net yn komme.” En it einiget sa yn fers 5: “En dy’t ien sa’n beuker opnimt om MY, nimt My op.”
It lyts wurde wollen as in bern.
De bylden dy‘t fan bern makke binne, binne der yn mannichte. It is mar út hokker kontekst do sjochst.

Bei Matteüs giet it er dan om hokker konnotaasjes de lêzers bei in bern hienen. Yn it ferbân fan de tekst dy't fierder rint, is der in fergeliking: It Grykske wurd yn fers 4 is 'tapeinos' en dat kin fysyk "lyts" betsjutte. De haadbetsjutting fan dat "lyts" is dan dochs needrigens en de needrige is de teare, de swakke, de ûnmachtige yn faak tige minne sosjaale ferhâldingen.
Wichtich is ek om goed te betinken, dat in bern yn de Gryksk-Romeinske tiid alhiel net in minske wie, dat klear wie. Nee, it moast opfied wurde en it wie net oardielsbekwaam. Sa lês ik dat ek yn kommentaren oer Israël yn de tiid fan Jezus. En dan ek dit: hjir stiet foar bern, yn fers 2, it Grykske wurd 'pais' en dat wurd kin ek slaaf betsjutte. Dat seit in protte. It begryp bern stiet dan net allinnich foar it fysike lyts mar tagelyk foar it ûnmachtige en foar de kweade sosjaale situaasje.
It sizzen "wurd as in bern", hâldt dan yn; sjochsto it bern sa, datst dêrmei dy sels sjochst yn dy situaasje fan bern. En dus sjochsto dan ek de fragen fan wat in bern as bern takomt. Ik kom ta dy konklúzje troch wat der stiet yn fers 5 oer It opnimmen fan bern. "Wa't sa'n beuker opnimt om My, nimt my op."

Troch it boek 'Ethics in Light of Childhood (2010)' fan J.Wall, godstsjinst-filosoof benammen op it mêd fan 'childhood', ha ik in goed begryp krigen fan de skiednis fan it westerske tinken oer bern.
Trije haadstreamen jout er oan:
1. top-down-wurkwize
2. bottom-up- wurkwize
3. ûntwikkelingsrjochte wurkwize.

Treffend, ik kin it hjir mar koart úteinsette, is dit, dat dy earste streaming, de top-down, seit: oan bern moat skaafd wurde. Dizze lêzing seit: Ek bern binne net samar út harrensels goed!
Dêrom binne se ûnderhearrich oan de hearskjende oarder yn de maatskippij, dy't sels ek net stil stiet.
De bottum-up-streaming giet út fan bern as "moreel goed", fan ûnskuldich. Bern ha "morele competentie". En dat kin de maatskippij rêde?
De tredde streaming is noch oars. Kompetinsje fan wat bern kinne en hoe't se oardielje, wurdt wol sjoen en yn meistimd en wurdearre, mar dat moat dochs noch fierder komme. De folwoeksenen mei harren oeardielsfoarming binne it ideaal en dus is dat ek de noarm.
Sels stiet dizze skriuwer foar in "circulaire benadering". It giet dêryn om dizze fragen: Wat betsjut it om minske te wêzen. "Being in the world" neamt de skriuwer dat. Fierder: Wat binne minsken oan elkoar skuldich. "World creativity" neamt er dat. Elts minske skept betsjutting en komt by berte oan yn in wrâld mei betsjuttingen. Yn taal fan it lichem, nei tiid en ferhâldingen útdrukt.
Bern ha dizze kompetinsje fan jongs ôf oan. En hy seit: fan bern kinne wy as "folwoeksene" leare dat broasheid by it minskebestean heart.
Hiel treffend fyn ik, dat hy seit: bern bringe de ûnderfining mei om libben te sjen as "being-from-birth" en net as "being-to-death". Sa is der yn de tiid al mar wer ûnderfining fan ferromming fan oare mooglikheden.
Fan it perspektyf fan bern út sjen kin dus in soad opsmite foar ek nochris oars sjen as it "gewoanweihinne"!

En dan noch ien tekst. Yn it Dútsk hjit it "das Kinderevangelium", Markus 10 fers 13-16: "Se brochten bern by Him mei it doel dat Hy se oanreitsje soe, mar de learlingen stegeren har ôf."
Lit ik mar fuort sizze, tinkend oan wat ik hjir boppe oanhelle oer bern: minsken kamen mei de minsten op de maatskiplike ljedder nei Jezus.
Foarôf en nei dizze tekst giet it ek hjir yn Markus faak oer de fraach, wa't oandiel krije kin en op wat foar wei oan it Ryk fan God. Ek hjir yn Markus spilet wer de fraach mei nei grut en lyts en dat der

dan in bern yn it midden set wurdt. En ek hjir giet it om “opnimme” (yn it Gryksk, dechomai). As in bern wurde, betsjut ek hjir: de needrige rang (lykas yn dy tiid) fan in bern oannimme. In romantysk byld by bern of soksawat past dêr dus net by.
“Lit de bern dochs by My komme, en kear har net… .” Krekt oerset stiet dêr: lit de bern frij, lit se sels komme. Sa wurde se sels fan brochte bern, ta bern dy’t komme.
“Want foar sokken is Gods Ryk der”. Dat betsjut dochs: Foar harren, lykas se binne.
Ik betink dêrby de fraach út it bibelboek Deuteronomim: Wannear in bern dy moarn freget, …wat is hjir oan de hân…?
Ik folje dat no sa yn: It bern-wêzen freget! Yn de kearn: “Wat dochst do mei my, mei wat ik bin en wat ik wurde kin? Nimsto my sa oan?”
Psalm 8 fers 3: “Ut de mûle fan lytsen en tatebern...” liket hjir ek by te hearren.
Fan de macht fan lof fan en oan God wurdt praat. En dus: wa’t in lyts bern gûlen heart of wat it ek mar útdrukt (ek non-verbaal) hat te meitsjen mei: no moat ik oandacht ha. Dat “no” is in tiidwurd.
Wichtich wurd yn it Evangeelje lykas yn psalm 95 fers 7 stiet: “Och, woenen jo hjoed noch harkje nei syn stim.”
Yn de ‘grammatika” fan it Ryk Gods Is it opnimmen fan in bern, tagelyk dan ek sa: lykas in bern docht. Jezus nimt de bern yn de earms. Dêryn giet it “pars pro toto” oer elk bern, sa lês ik it. En sa stiet der einliks: “en as hy de hannen op harren lei, seinige hy God”.
Ik begryp dat sa: it is in útdrukking fan tank foar wat troch en yn bern jûn is en wat yn bern jûn wurdt en wat “folwoeksenen” oannimme sille. Ja, as in bern dy moarn freget, fertel dan ek (!) dit ferhaal: Se brochten bern by Jezus.

Dichters en it bern

Ik ha by dit ferhaal fan my oer ‘It bern en ik... in bibelsk betinken’ in protte gedichten lêzen fan Fryske dichters. Ik neam der in pear.
Yn gedichten fan Aggie van der Meer, mar ek in har romans, komt it bern hiel faak foar. Bernefragen stellend, ûntfanklik, ferwûnderjend, dreamend, kwetsber en ferwûnjend.
As foarbyld dêrfan fyn ik har dichtbundel “De sneinen” mei as ûndertitel: It lân achter it each fan ‘e nulle. En sûnder mis ek yn har roman “De achttjin” komme dy fragen fan minsken út har bernetiid werom.
Wa wie ik en wa bin ik no? En wat foar wei siet dêr tusken? Wat hat my foarme? Bin ik no ek noch earne ‘bern’? “Dat bern dat takomst hat yn in polytburo…?” Dêr giet dat boek oer.
Ut “De sneinen” wiis ik op het ynliedende gedicht, mei tagelyk de titel fan de dichtbundel. Ringsom de oprop om de nije dei te begroetsjen út de nacht wei, ...mei it byld fan swarte hynders “befongen yn it sêfte bidden fan ‘e linebeammen”… stiet yn it midden it boartsjende, betsjoenjende fan it bern:

> Altyd is der it bern
> seit de wurden
> beswart de toerka’s (kauwen)
> skriuwt de kringen yn it sân.

It bern komt faak werom yn dizze dichtbundel, neist de fiskerman, de túnker en in ik-figuur en noch oare figuren as de fijân en de sûnder en in soad bibelske figuren en hilligen en ingelen en martelers

Ek It bern mei syn heit en mem en sels mei it foarteam. En dat bern dan foaral yn in ferbân fan earne nei longerje en dat hiel faak mei in protte bibelske bylden.

De twadde dichter is Obe Postma. Sels kom ik yn syn gedichten myn eigen ferline temjitte. It sjen oer de fjilden en it sjen fan de pleatsen, ticht by Koarnwert, it bertedoarp fan Postma. Sels bin ik berne yn Makkum en myn berne-jonges-puber-tiid ha ik trochbrocht yn it doarp Penjum net fier fan Koarnwert en dêrnei noch in pear jierren yn Seisbierrum. De Fryske taal krige ik in soad troch syn gedichten wer werom en dat giet mar troch! Wurden, bylden mei in ûnwennigensgefoel, tagelyk mei in gefoel dat wurden en bylden en nammen fan minsken nea ferlern wurde yn de "geast". Hy neamt dat faak de 'algeast". Foarbyld dêrfan is it gedicht: "Op sokken dei". De earste twa ferzen skriuw ik hjir op:

Op sokken dei- de wyn is koel en heech
Fier yn it westen glimt it iere rea;
De wei leit foar my út: it blanke reed
De wrâlden yn; de siel bespant it gea

Fêst riist der foar my op yn 't donk're lân
In ljochte wentering, de skuorren, steech,
Ferbrekke foars it al te wettysk flak;
Ien stins, út âlde iuw, giet rank omheech.

As tredde dichter: Abe de Vries. Hiel ticht by stiet no foar my dizze dichter. Hy lit my mei berne-eagen, dy't tagelyk dichterseagen binne, yn sok moai, muzikaal Frysk, it brekken sjen, it skuorjen sjen yn syn wurdgebrûk. Hy neamt dat "yn tekstueren" fertelle: It ferline fan Fryslân, wat der wie (en is), mei de greiden en de fjilden en de minsken mei har wurkynspanningen oersette yn en nei hjoed-deistich tinken en belibjen. En de fraach is troch alles fan syn skriuwen hinne: skriuw ik sa einliks dochs ta nei in Fryske utopy?
Twa dichtbundels fan him neam ik: "De weromkommer yn it ûnlân" en "Brek dyn klank". Ut de lêste wiis ik op it begjin fan it fjirde gedicht:

Fan in heit en in mem is dit it doarp.
Yn de tongen fan myn tonge praat it
âlde talen, dy't ik langer net ferstean.
Wêrom stiet dit doarp noch op de kaart?
De strjitte is fol frjemde minsken.
In besiker sizze se de tiid, mar inkeld
mei in stôk dy't sinnewiist, O, himel,
fol fan 's sneinske klokkelieden-
't is de âlde koster net dy't liedt,
mar de tsjerke sels:

Mei it earste en it tredde fers út in gedicht fan de dichter Eppie Dam oer de tsjerke (ik sjoch sa ek wer yn Fryslân nei safolle tsjerken dy't hjir al sa lang binne) slút ik dit stik fan my ôf.
It is liet 41 út de bundel Hertslach:

Sjoch de tsjerke, dy't noch útstekt
boppe beamt, fabryk en pleats:
fingerwizing nei de himel,
skip ta eigen dreamen keard,
hûs fan stilte, tusken sarken,
ark dy't ademt wurdt beweard.

Ljochtfal troch de hege ruten
jit it hert fol sinneskyn;
strieljend wurd op âld kateder,
oan 't begjin fan nij latyn,
iepent eagen, iepent finsters,
wol al gau de wrâld wer yn.

Konklúzje

Myn boppesteande ferhaal oer de weromkommer yn Fryslân, dy't ik bin, jou ik as konklúzje mei in liet fan Huub Oosterhuis (yn de oersetting fan Anne Tjerk Popkema…liet 925 út it lieteboek: Sjonge en bidde thús en yn tsjerke):

"Rop myn myldens werom.
Jou my wer de eagen fan in bern,
dat ik sjoch wat is
en my tabetrou,
en it ljocht net mear haatsje"

Ik ha socht nei in trie dy't my werom brocht yn myn bern-wêzen yn Fryslân.
Biografysk en teologysk.
Twa kanten hat dat: 1. Troch wa en wat bin ik wurden, dy't ik no bin.
En 2. Ha ik oarspronklike ûnderfiningen fan it as bern (ek as jongere) yn Fryslân wêzen meinommen en net ferlern?
Yn dat ferbân joech Oepke Noordmans my teologyske ynsichten. Net allinnich syn gefoelens by it rike fan de útdrukkingsmooglikheid fan de Fryske taal, ek teologysk (yn de skets "It bern dat oer it wetter blaast", ha ik dêr mear oer skreaun), mar yn dit stik ha ik bennammen it "berne en teine" fan Mozes yn twa meditaasjes fan him oanhelle. Ik helje dêrút, dat it oarspronklike bern net neat is, mar as nij foar it front komt. Earne ha ik fan Noordmans in wurd lêzen dat hy oanhelle út gedichten fan de Ingelske dichter Wordsworth: "dat de knaap bij z'n spel het hemelse licht ziet". Hy seit dêr dan by: "Zo zou ook de volwassene zijn arbeid moeten beleven".

Oan it ein fan myn stik fertel ik hoe't Fryske dichters my rekke ha.
Se brochten my yn harren ferbylding, harren dichtsjen, de Fryske taal werom om wer yn te dreamen en te praten en foaral om wurden te jaan oan belibjen en wis oan it bern-wêzen. It bern stiet, yn wat ik by harren lêzen ha, hoe ûngelyk de dichters ek binne, foar "in freger", foar "ik bin der", foar "ik sjoch en ik ûnderfyn en ik boartsje en ik kom werom".

Sa ha ik ek lêzen de stúdzje fan de godstsjinst-filosoof J.Wall “Ethics in Light of Childhood”. Kearn fan dat boek is: bern bringe de ûnderfining mei om libben te sjen as “being-from-birth”.
It opnommen wurde yn it ryk fan God troch it bern op te nimmen en it oannimmen fan it ryk fan God “as in bern” yn de teksten út Mattéus en Markus dy’t ik yn myn ferhaal meinommen ha, lizze krekt dat benammen iepen: it berne-rjocht.
Wat in ferantwurdelikheid jout dat “folwoeksenen”. Ja, “as it bern dy freget…..!”

Tagelyk stiet dêr dan oan de ein fan Markus 10 fers 13-16 hiel bemoedigjend, yn myn oersetting:
“Hy naam de bern yn syn earmen, seinige God en lei harren de hannen op”.
Dat betsjut: de ferantwurdelikheid yn it libben,…kristlik libben.., bart dochs mei dy hoarizon!
En dy rop fan Jezus earder yn dy tekst tjinoer it tsjinhâlden: “Lit se komme”, soe ik sa útlizze: it oarspronklike bernwêzen wurdt sa festhâlden, wat der ek fierder yn it libben bart.

Dit stik “It bern en ik… in bibelske betinking” giet sadwaande oer berte, “fan it bern nei it bern”. Dat betsjut: dat oarspronklikheid fan it bern bewarre wurde sil en sa de leafde ta it “gewoane” libben.

Op ’t lêst: in tekst dy’t dat bewarjen neffens my yn de kearn útdrukt, fûn ik yn it evangeelje fan Johannes haadstik 1 fers 12. It giet dêr oer de berte fan de bern fan God. Yn mearfâld stiet it dêr: bern. It begjin fan dit evangeelje fertelt net oer de berte fan mar ien bern, hoe unyk dy bert ek is. Mar hiel dúdlik wurdt dan dat mearfâld yn dat 12de fers, ek wer mei dat opnimmen en oannimmen as yn de teksten út Mattéus en Markus:

“Mar dy’t Him al by har ynnommen hawwe, harren hat Er macht jûn om bern fan God te wurden…”
(Fryske Bibeloersetting 1978)

Catrinus Corporaal (em.dûmny)